

Dorpscanon van Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjaerddyk (no nû 30)



Nêst de foardoar it winkelrút fan de bakkerij.

© Foto db Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjaerddyk

Jan Jacobs Meyer wurdt yn 1819 berne yn Snits as soan fan bôllebakker Jacob Meyer en Attje Kraak. Hy leart it bôllebakkersfak fan syn heit. In 1841 trout Jan mei Hylkjen Molenaar en wurdt dan bakkersfeint.

Harren soan Jan Jans Meyer wurdt berne yn 1849 en wurdt letter bakkersfeint by syn heit.

Jan Jans trout yn 1875 mei Aafke Boersma. Nei harren houlik wurdt hy keapman yn Toppenhuzen. Dat sadwaande komt hy yn'e doarpen om Snits hinne en heart hy fan Hessel Rintjes Boschma, boer oan'e Tsjaerddyk (31), dat dizze yn it doarp de eardere slachterij fan Willem Sjerps Twijnstra kocht hat. Hessel Rintjes wol graach in bakkerij yn it doarp en wit dat Jan Meyer út in bakkersfamylje komt. Hy sjocht yn him de ideale kandidaat om hjir in bakkerij te begjinnen.

“It giet oan” en op 12 maaie 1877 ferhúze Jan en Aafke nei Folsgeare.

Jan Meyer wurdt de earste bakker yn it doarp en se sette goed útein.

Lykwols, as stedsminske falt it him yn sa'n lyts doarpke tige ôf. Boppedat grypt it ferstjerren fan syn trije wiken âlde soantsje him tige oan. Nei in jier komt der alwer in ein oan de bakkerij yn Folsgeare. Jan Meyer wurdt wer bakkersfeint yn Snits.

Dorpscanon van Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjaerddyk (no nû 30)

It pân stiet leech en Hessel Rintjes Boschma kriget de fraach wat der no mei barre sil. Der is grutte wenningneed en der is in soad belangstelling om it te hieren.

Hessel Rintjes wol wer in bakker yn it doarp en siket troch.

Yn maaie 1879 komme Gorrit Faber en Sytske Strikwerda mei harren bern nei Folsgeare. Se komme út Skettens dêr't Gorrit bakker is. Wat Hessel Rintjes harren tasein hat, is net bekend, mar der is wer in bakker yn it doarp. De bakkerssaak rint goed. Gorrit Faber hat lykwols mear yn syn marse as doarpsbakker wêze. Yn 1881 ferhuzet de húshâlding nei Amsterdam. Gorrit ferstjert in pear moanne letter. Sytske giet mei de bern werom nei har bertestêd Boalsert.

De opfolgers yn'e bakkerij binne Eelke van Oostrum en Jeltje Schaap fan Easterwierrum. Eelke is in goede bakker, mar omgean mei jild is net syn sterkste kant.

Yn de LC fan 1884 ferskynt it berjocht:

AANKONDIGING:

Krachtens bevelschrift van den EdelAchtbaren Heer Rechter-Commissaris in het faillissement van EELKE van OOSTRUM, Bakker wonende te Folsgeare, worden alle zoo bekende als onbekende Schuldeisers in dat faillissement de bevoorrechte en de pand of hypotheekhebbenden daaronder begrepen bij deze opgeroepen, om op Vrijdag den achttienden April 1884 vier en tachtig des voormiddags ten tien ure, te verschijnen in het lokaal der Arrondissements-Rechtbank te Leeuwarden, in het Paleis van Justitie aldaar, ten einde de bijeenkomst tot verificatie der schuldvorderingen ten laste des Gefailleerden bij te wonen en 'hunne pretentiën in te leveren

Sneek 5 April 1884

De Curator, J. RODENHUIS

De saak giet fallyt en op 10 maaie 1884 wurdt der boelguod holden. De húshâlding ferhuzet op 12 maaie 1884 nei Mildaam dêr't Eelke wer bakker wurdt.

Dêrnei komt der in echte Folsgeaster bakker yn it pân.

Feike Nauta is de soan fan Cornelius Livius Nauta (haad fan'e iepenbiere skoalle) en Feikje Jans Brouwer. Feike hat gjin belangstelling foar it ûnderwiis en is bakkersfeint yn Snits.

Hy trout op 10 maaie 1884 mei Japke Jans Twijnstra (dochter fan Jan Willems Twijnstra en Corneliske Harste) en se folgje op 12 maaie Eelke van Oostrum op yn'e bakkerij.

Dorpsanon van Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjaerddyk (no nû 30)



Feike Nauta en
Japke Twijnstra



Foto's db Folsgeare

Feike en Japke hawwe in goed rinnende bakkerssaak. Op 14 augustus 1886 ferstjert harren hierbaas Hessel Rintjes Boschma op 69-jierrige leeftyd. Syn frou Bottje Wijnia kriget by boedelskieding yn 1887 de bakkerij yn eigendom, lykwols, alles bliuwt sa't it wie.

Yn 1888 wurdt Ulbe Hoekstra yn tsjinst nommen as bakkersfeint. Hy is yn 1887 trouw mei Trijntje Cnossen. Har heit Sjirk Annes Cnossen is winkelman in eintsje fierderop oan'e Tsjaerddyk.

Feike hoecht net mear te suteljen en kin no mear tiid oan'e bakkerij besteegje. Ulbe bliuwt oant 1897 yn tsjinst. Yn 1901 beslute Feike en Japke te ferhúzjen nei Aldegea om dêr as masterbakker te wurkjen.

De nije bakker yn Folsgeare is Pieter Thomas Beeksma. Hy is in skipperssoan út Terherne mar wurdt bakkersfeint yn Boalsert. Hij trout op 24 april 1901 mei Baukje Hofstra, skippersdochter, út Nijlân. Tegearre begjinne se op 12 maaie 1901 yn'e bakkerij. Se sette tegearre de skouders der ûnder en de saken geane goed.


Op 28 novimber 1911 ferstjert harren hierbazinne widdow Bottje Meinderts Wynia op 90-jierrige leeftyd. De erfgenamen beslute yn 1912 om de hierpannen yn Folsgeare te keap te setten. Pieter Beeksma stiet foar de kar óf keapje óf earne oars op'e nij begjinne. Hy kiest foar it earste en docht in bod op'e bakkerij en de

Dorpscanon van Folsgeare

De bakkerij oan 'e Tsjaerddyk (no nû 30)

komelkerij nêst him. Hy liet in grut bedrach fan keapman Ruurd Sevensma út Snits en wurdt eigner fan beide pannen.


Pieter Beeksma ferhiert de komelkerij oan Yde van de Lageweg oant Marten Eppinga yn 1916 ynteresse toant.



Dorpscanon van Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjærddyk (no nû 30)

In útsûndering is in rekken út 1932



Rekken fan :
215 kreakelingen
115 eierkoeken
60 boltsjes
30 krintepofkes

Totaalbedrach fl 11,25

It libben giet fierder en de húshâlding wreidet him út.

Op de foto Thomas Beeksmâ en Sjoerdje van Netten mei harren bern:



Klaas

Piet

Tine

Lize

Baukje

Hinke

Simon

Dorpscanon van Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjaerddyk (no nû 30)

It libben as bakker is der ien fan betiid fan't bêd, bakke en dêrnei útsutelje. De winkel wurdt derby dien troch de frou, dy't har hannen ek al fol hat oan it húshâlden. Na it útbrekken fan 'e 2^e wrâldoarloch wurdt it noch dreger. Om 1942 hinne beslút Thomas op te hâlden mei de bakkerij. Hy kriget in baan yn Snits. De Beeksmas ferhúzje yn 1953 nei Snits. It pân wurdt ferkocht.

Jan Bruinsma is de nije eigner. Hij lit it âlde pân út 1841 slope en in nij hûs bouwe.

Yn 1955 ferhúzje Jan Bruinsma en syn frou Toos Maria G. Kienk nei de nije wenning. Jan Bruinsma ferstjert yn 1962 en syn frou Toos bliuwt der oant 1966, wêrnei't se ferhuzet nei Voorst.

Dêrnei komme Douwe Posthuma en Aagje de Boer mei harren dochter Geeske oer út Nijlân. It hûs wurdt earst ferboud ta de hjoeddeiske foarm, foardat se harren delhúzje.

Nei it ferstjerren fan Douwe yn 1973, wenjen Aagje en Geeske dêr oant Aagje ferstjert yn in 1983. Geeske wennet der noch oant begjin 1984. Dêrnei ferhuzet se nei de buorkerij fan har suster Idske en har sweager Wutte Zijlstra op Tsjaerddyk 27.



nei de lêste ferbouwing,

foto Atse Bruin

Jan Beers en syn frou Carla wurde de nije bewenners fan Tsjaerddyk 30. Nei it ferstjerren fan Carla wennet Jan allinne yn it hûs oan'e Tsjaerddyk.

Dorpscanon van Folsgeare

De bakkerij oan'e Tsjaerddyk (no nû 30)

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: db Folsgeare, Atse Bruin

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.